TE GAST

Nei in Fryske kanon foar it ûnderwiis

It wurdt tiid om yn oerlis mei saakkundigen en it fjild ta in eigen Fryske kanon foar it ûnderwiis te kommen. Net as ferswierring, mar as needsaaklike basis. It giet dêrby om learynhâlden en net om dizige doelen.

PIER BERGSMA

foarsitter Pedagogysk Wurkferbân
Fryske Akademy

De kommisje-Van Oostrom hie noch mar krekt harren útstel foar in nije kanon fan skiednis foar it ûnderwiis publisearre of de earste kritisy stiene al klear. In ynstjoerd stikje út Limburg: „Niets over Jan Linders die door L1 Radio tot grootste Limburger aller tijden is benoemd. Niets over Maastricht in de Romeinse tijd.''

Fortuyn syn oanhingers wiisden derop dat harren Pim – dochs útroppen ta grutste Nederlanner aller tiden yn dy neffens my healwize ferkiezing fan de KRO fan twa jier ferlyn – nearne te finen wie. Wittenskippers foelen der oer dat wol Eise Eisinga opnommen wie, mar net grutte gelearden als Christiaan Huygens. En dan binne der guon dy't hielendal fraachtekens sette by it nut fan de ûndernimming. Dat lûd is net nij. Yn de jierren santich fan de njoggentjinde ieu skreau Friedrich Nietzsche al syn skôging 'Von Nutzen und Nachteil des Historie für das Leben'.

Febrewaris fan dit jier hat it Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy yn de mande mei de Feriening Frysk Underwiis en de Vereniging voor Levende Talen ôfdieling Frysk in jûn belein oer de needsaaklikheid fan in eigen Fryske kanon. Dat betsjut net dat it ús doel wie om in Fryske kanon op it plak te setten fan in nasjonale kanon.

De opfettings oer in eigen kanon binne net nij. Alle ûnderwiis oer de wrâld en oer it ferline heart by it eigen doarp, de eigen stêd en de eigen regio te begjinnen. Dat wurdt al jierren dien, benammen yn de basisskoallen. Yn ús provinsje by fakken as Frysk en geakunde.

In oar argumint is wol nij. Yn ús wrâld, dy't troch de globalisaasje wat langer wat lytser wurdt, is it fan belang de eigen identiteit te bewarjen. De trijeslach fan ús Fryske skoallen mei Frysk, Nederlânsk en Ingelsk moat sadwaande ek jilde op it mêd fan de skiednis en de wrâldoriïntaasje.

Eigen skiednis, kunde fan de Nederlânske skiednis, mar dêrneist de wichtichste saken fan de grutte wrâld. In tredde argumint is dat de Fryske taal en kultuer yn de wetjouwing in eigen plak ynnimt en soks sil stal krije moatte yn de deistige lespraktyk.

Yn it basisûnderwiis wurdt wurke mei de saneamde kearndoelen. It beswier is dat jo dêrmei alle kanten wol út kinne. Wêr't it op oankomt, dat binne de learynhâlden. Yn it sekondêr ûnderwiis hawwe wy de eksamenregleminten. Yn oerlis mei it fjild moat der de kommende tiid in útstel komme fan wat needsaaklik is om oan de Fryske bern te learen oer de eigen kultuer.

Net yn dizige doelen omskreaun, mar hiel konkreet nei ûnderwerp. Perfoarst net as ferswierring fan it besteande programma en soks hoecht ek net, want lykas yn it libben giet it der yn it ûnderwiis om hokker kar jo meitsje. De kommisje-Van Oostrom en de minister jouwe dy romte.

Hoe moat it no fierder? It wurd is yn it foarste plak oan de provinsje. Oan materiaal en minsken foar in eigen kanon foar it ûnderwiis ûntbrekt it net. Wy hawwe de AFUK, it Berie foar it Frysk, skoallebegelieding Cedin, de Fryske Akademy, de Feriening Frysk Underwiis, Tresoar en de Vereniging Levende Talen.

Koartsein, minsken en kennis genôch. It kommende winterhealjier is in moaie tiid om mei in tal saakkundigen ta in fundearre útstel te kommen.

(De canon van LC-lezers staat vandaag in de bijlage Sneon en Snein.)